


11-4-'87

'T SKIEPPE- STURTSJE



doarpskrante fan tsjerkwert e.o.

REDAKSJE: Ineke Feenstra-Sijbesma,	tel. 9277
Sytske Dijkstra-Bouwuis,	,, 2968
Richtje Speerstra-Bakker,	,, 2635
Rients van Buren,	,, 9280
Jan Dijkstra,	,, 9498

TYPE- EN STENCILWURK: Thea Dam-Ruiter.

OMSLACH: Albert van Lingen jr., Wergea.

REDAKSJE-ADRES: Sylroede 5.

BANKRELAASJE: Rabobank Bolsward; 856.829 t.n.v.
Rabobank Bolsward, reknr. 3087.56.800
t.g.v. It Skieppesturtsje Tjerkwerd.

@@@@@@@@@@@@@@@@+@@

FOARWURD:

Minsken, minsken, wat in minsken,.....en wat in slagge dei!

Fansels ha ik it no oer ús reunydei 5 septimber.

Wat ús doarpke toch prestere kin. Noch eltse dei hear ik minsken oer de reuny praten en dat seit genôch.

It foarôfgeande feest, de optocht, de útstallingen, film, dia's en as hichtepunt de revu, ja alles wie like moai, gesellich en goed slagge.

Ik tink, dat ik út namme fan ús lêzers wol sizze mei:

-Reunykommisje, hertlik tank foar jimme ynset; it koe net better!-


Fierder wol ik noch efkes neame it boek: "Tsjerkwert en har bewenners yn de rin fan de tiid", skrean troch Sjoerd en Sara Buwalda mei foto's fan Gerrit Mulder. Yn ien wurd: prachtich!

As leste wol ik efkes werom komme op'e klaverblêd
kuier- en fytstocht organisearre troch doarpsbelang.
Op gesellige sportieve wize, ha wy de kontreien fan
Tsjerkwert kennen leard. Alde trekpaden, postpaden, ja
sels buorkerijen en harren bewenners ha wy kennen leard.

Lêzers, ik winskje jimme folle lêsplesier mei dit
Skieppesturtsje, dat fansels foar it grutste part giet
oer de reuny.

Wa't nijs hat foar ús krantsje, graach foar 1 desimber
by ien fan'e redaksje ynleverje.

Sytske D.



BERICHTEN VAN DE DORPSOMROEPER:

Het voorafgaande no. 3 van de 11 jaargang verscheen eind juni. In deze 57ste bijdrage o.a.: Sluiting van de Geref. kerk aan de Waltaweg 39 op zondag 5 juli j.l., dorps en stadsomroeper concours van noord-west Overijsel te Steenwijk op 21 en 22 juli j.l., 5 september het feest van het jaar.

In juli oftewel in de oogstmaand, werd de laatste kerkdienst in de Geref. kerk gehouden aan de Waltaweg 39, op zondag 5 juli om 14.00 uur.

Voorganger was ds. Peter van Helden (nu zonder baard). Thema van de dienst: "Wer't God in doar tichtslicht, dêr docht Er in finster iepen".

Ds. van Helden leest een kort historisch overzicht tot op heden de stand van zaken. In 1967 herdacht men nog het 75 jarig bestaan van de kerk. In de laatste dienst was ook aanwezig de 94 jarige mevr. Jeltje Jorritsma, die 50 jaar lang met haar man, koster was in de kerk. Na afloop van de dienst werd in het Waltahuis koffie gedronken. Vooral en begrijpelijk kwamen emoties naar boven op deze middag, omdat ze in dit gebouw jaren aan-één troost, sterkte en bemoediging mochten aanhoren; zondag op zondag.

Dorps en stadsomroepers-concours.



In die zelfde maand juli en wel op de 21ste en 22ste, waren de kampioenschappen dorps en stadsomroeper in Steenwijk om de titel van noord-west Overijsel en waar ik aan heb deelgenomen. Hier volgt mijn verslag: 1ste dag. Om 11.00 uur ontvangst op het gemeentehuis door burgemeester J.J. Hoeksema en zijn wethouders. 12.00 uur bezocht ik mijn gasthuis en dat was de fam. Visser, de heer des huizes was wethouder en tevens loco burgemeester.

Om half drie maakten wij een rondvaart door Giethoorn en om zeven uur een diner in het restaurant "'t Geveltien" aan de markt te Steenwijk.

Woensdag de 22ste juli om 10 uur ontvangst op de markt en om half elf de aanvang van het omroepersconcours 1987.

Een verplichte tekst en een tekst waarin men zijn fantasie de vrije loop kon laten gaan en die later nog eenmaal van afstand moest worden omgeroepen met de aanvang: "Boeren, burgers en buitenlui....."

De twaalf nationale stads en dorpsomroepers uit den lande kwamen uit de volgende plaatsen: Ede (58), Huizen (51) N.H., Oudewater (70), Vianen (39), Tjerkwerd (67), Steenwijk (52), Muiderberg (65), Stavenisse (50), Sloten (43), Purmerend (65), Oosterend Fr. (37), De Rijk (?). (Tussen haakjes is de leeftijd).

Op het podium waar ook de Friese vlag was uit gestoken, een vijfkoppige jury bestaande uit de Steenwijker journalist- en-club, waaraan toegevoegd de bekende Peter Knegjes (van radio en t.v.). Er was veel publiek op het marktplaatsje tijdens de wedstrijd!

Uitslag: 1. De nat. Kampioen P. Haringsma uit de Friese stad Sloten wederom de beste. 2. De Fries S. v.d. Meulen uit Oosterend. In totaal 5 winnaars en ikzelf een gedeelde 6de plaats, waar ik best tevreden mee was.

Voor alle deelnemers werden er bloemen uitgereikt door een 'jonge schoonheid' en tevens kreeg ik nog een boekje van mijn gastvrouw; een zeer nobel gebaar.....

De herauten van het nieuws, zo noemde Peter Knegjes de twaalf stads en dorpsomroepers. Twee van deze herauten S. v.d. Meulen en Fr. Schakel lieten in de vroege avonden de bewoners van de Friese stad Sloten aldaar in een rondgang door de straten en langs de stadswallen weten dat wederom hun stadgenoot kampioen was geworden op 22 juli. Veel vlaggen aan de gevels in de Burg. H. Mulierstr. aldaar, waar de winnaar op nr. 30 woont. Een waar eerbetoon aan deze grote man. Een prachtige afsluiting van deze twee schone dagen voor ons als Friese omroepers!!

Op de voorpagina van de 'Oprechte Steenwijker Courant' stond op 24 juli te lezen, dat de twaalf stads en omroepers laaiend enthousiast in de 'Oude Veste' waren! Toen zij in de late middag van de 22ste juli de stad verlieten met een compliment aan de organisatie, de stadsomroeper aldaar en 't midweekcomité en de gastgezinnen. Een concours om nog eens over te doen, constateerde Fr. Schakel uit het 470 inwoners tellende dorp Tjerkwerd woensdagmiddag tevreden, terwijl hij languit in een stoel een sjekkie draaide. De 67 jarige Fries had er duidelijk

plezier in, aldus de Steenwijker Courant van 24 juli j.l.
En inderdaad zo was het!!

De Reünie, Het Feest Van Het Jaar,
gekoppeld aan de jaarlijkse dorpsfeesten.
Voor de uit acht leden bestaande reünie-commissie, die
uitstekend voor hun taak berekend waren! en de gehele
dorpsbevolking, was de 5de september aangebroken, waar
menigeeen al maanden naar had uitgekeken. Een dag, dat het
verleden weer herleefde. Vele verzonken beelden van eer-
tijds kwamen bij menigeeen weer boven op deze dag. Voorwaar
een morgen en middag en een avond, waar een ieder elkaar
weer veel te vertellen had, naar vaak vele jaren,
Tjerkwerders zowel van het hedendaagse Tjerkwerd als van
weleer.

Veel en veel dank aan de organisatoren, die deze reünie
na een jaar van vergaderen en plannen maken tot stand
brachten. De gehele dorpsbevolking heeft zich ingezet
een ieder op zijn of haar manier. Daarom schrijf ik met
hoofdletters EENDRACHT MAAKT MACHT.

Veel dank aan W. Schakel uit Skuzum, die mij twee dagen van
melk voorzag en het mij mogelijk maakte het te verkopen voor
de prijs van 8 cent de liter net als eertijds. En Bosma's
Versmarkt Skilwijk uit Bolsward, waar ik mijn groenten en
fruit van inkocht en die ook het resterende nadien weer
terug nam. Ook veel dank aan laatst genoemde.

Tenslotte:

Allen die zich hier hebben voor ingezet op welke manier
dan ook, veel dank en lof en nogeens lof!!

Dit hier nooit eerder vertoonde grootse spektakel was
voor een ieder en voor mijzelf een onvergetelijk mirakel.
Wederom van huis tot huis

de hartelijke groeten
van de dorpsomroeper Schakel.



VEILIG VERKEER NEDERLAND:

District Friesland, afd. Wûnseradiel.

Geeft de mogelijkheid tot het volgen van een verkeers-
cursus onder het motto:

"REGELS EN VERKEER"

Bij voldoende deelname ligt het in de bedoeling om gedurende vijf avonden in de maande oktober en november deze verkeerscursus te organiseren.

Aanvang van de cursus 27 oktober 1987 om 20.00 uur.

De cursus zal bestaan uit een aantal theorieavonden met als slot een verkeerstest en evaluatie.

De kosten van deze cursus, inclusief het cursusboek bedragen f 40,-

De cursus zal gehouden worden in de kleine bovenzaal van café-restaurant "De Gekroonde Roskam", Kaatsplein 3 te Witmarsum.

Voor eventuele informatie over de cursus en opgave kunt u contact opnemen met : H. Hooisma, Witmarsum, tel.

05175 - 1952

R. Adolfs, Witmarsum, tel.


05175 - 2092

Uiterste datum van opgave 10 oktober 1987.



FAN IN REUNIST:

Wat wie it lang lyn, dat wy in Tsjerkwert west hiene.
De frou woe beslist troch de Súd-Westhoeke ride om't wy
de dyk efter Warkum lâns noch nea earder gien wiene.
It wie in lange rit en dan spilet de leeftiid faaks in rol,
sadwaande wiene wy de freedse al ôfset.
Doe't wy einliks Parregea efter ús lieten, sloech de skrik
ús om it hert, ynpleats fan ús Tsjerkwert seagen wy oars
net as grutte bulten sân en beton.
Soene se no ynpleats fan Tsjernobyl Tsjerkwert bedobbe
ha!?
Mar lokkich doe't wy by it stee fan de Huitema's wiene
seagen we ús doarpke lizzen.



Trouwens we seagen de beide broers Huitema ferklaaid op
it hiem rinnen, en dar ûnder melken, de frou sei. se sil
wol jierdei wêze, ik miende al dat der twillingen wienen!
Oan de oare kant in loads, sa grut hast sunder ein.
Soe Joh. Reitsma dan dochs noch in manege bouwt ha ynder
tiid.
Kin ek wêze, sei de frou, se ha yn it doarpskrantsje oer
in iisbaan skreaun, miskien ha se lykas yn Heerenveen der
fuort in dak op makke.
It blykte letter wol oars út te kommen doe't wy dêr
ûntfongen waarden.
Doe't wy by de hanwinger ôfdraaiden seagen we twa pastoriën

yn dûmeny's tûn, sil wol in gefolch fan 'samen op weg'
wêze tink.

En sa rollen we oer de brêge it wie....krekt....nee de
klok stie stil.

Net sa gek betocht fan de koster om de klok stil te
setten en de reunisten sadwaande it rêstjonende gefoel te
jaan, dat der oan sokke dagen noait in ein komt.

De jûns in ringriderij, prachtich!

It hiele doarp rûkte nei hynstestront, deselde lucht as
doe't we nei skoalle gyngen,
by de smiderij lei altyd in
bult tsjin in beam oan,
fan it hynstebeslaan.

5 Septimber de grutte dei,
de ûntfangst yn de Haarsma
hallen, in prachtich wie
it derfoar makke.

Wat moatte oare doarpen har
dan behelpe mei tinten en sa.

De middeis troch it doarp
fan alles té sjen, wat kin
in lyts doarp dan grut wêze, de 'Sylsroede' wie foarhinne
in drekfeart, it like no wol in goudkust.

En dan al wer in nije skoalle, it wie krekt as hiene se
him stikum efter de âlde boud, soe it net mochten ha?

Wer't jo widze stien hat en wer't jo op dy earste skoalle
west ha, dat plak is noait wer fuort te tinken, dat
die dizze dagen wol bliken.


Al mei al in dei ta de jûn út, dy't jo wol fêst hâlde
woene, mar hy glipte ús tusken de fingers troch.

No nei in wike prate we der alle dagen noch oer.

Der wurdt wol ris sein "der is gjin bôle sûnder koarsten",
wolno dit wie in bôle sûnder koarsten.

Oan de lieding fan de reuny en elts dy't him hjir foar
ynset hat:

Tige Tige Tank.



.....

.....

UITSLAGEN ORANJEVERENIGING:

Vrijdag 4 september.

Kinderspelletjes:

Groep 3	- 1e prijs	Tineke Schukken	24 punten.
	2e "	Tonny Witteveen	22 "
Groep 4	- 1e prijs	Gerrie Bakker	20 "
	2e prijs	Jolt van Buren	17 "
Groep 5	- 1e prijs	Hylke Steggerda	26 "
	2e "	Hiltje Tjalsma	23 "
Groep 6	- 1e prijs	Elze Huisman	34 "
	2e "	Wieberen Poelstra	33 "
Groep 7	- 1e prijs	Gerhard Hoogeveen	37 "
	2e "	Matthijs Stel	36 "
Groep 8	- 1e prijs	Ineke Haarsma	34 "
	2e "	Judith Falkena	33 "

.-.-.-.-.

Jeugdkaatsen:

- 1e Prijs: Manfred de Wolf, Johan Huitema en Gerrit Schukken.
2e " : Durk Ouderkerken, Johan Ouderkerken en Sjoukje Dijkstra.

Kaatsen:

- 1e Prijs: Jan Blanksma, Niek de Boer en Rinse de Haas.
2e " : Anno Galama, Sjoerd Bouma en Durk Breeuwsma.

Atletiek:

- 1e Prijs: Johan Dijkstra - 40 punten.
2e " : Sybolt Dijkstra - 38 punten.

Petsjebaljen:

1e Prijs: Gurbe Brandsma.

2e " : Piet Tolsma.

Fierljeppen:

1e Prijs: Bouwe Jan Bouma.

2e " : Johannes Dijkstra.


3e " : Jan Postma.

Evenwichtspel:

1e Prijs: Thomas Burghgraaf en Bouwe Jan Bouma.

2e " : Tjitze Bouma en Sytze Gaastra.

-00000000000000000000-
.....



Begjin augustus wie tige tsjuster foar my.
Sa troch de wiken hinne, binne der ek alwer
sinnestrieltsjes.
Doarpsgenoaten dêr meitsje jimme diel fanút.
Ik wol jim betankje foar al jim omtinken yn hokker
foar dan ek.
Minsken dy't noch lâns komme wolle, binne
hertlik wolkom op Waltawei 23.

Doet Bruinsma.

-0-

SLAGGE:

Oan'e technyske skoalle, ôfd. Motorvoertuigentechnyk:
Wytse Meinsma.

Oan'e M.T.S., ôfd. Werktuigbouwkunde:
Broer Burghgraef.

Lokwinske allebeide!

WUNSERADIEL GAAT WERKGELEGENHEID STIMULEREN !

GEMEENTE BIEDT PLAATSINGSSUBSIDIE !!!!!

Sinds mei 1987 kent de gemeente Wûnseradiel de
Regeling Stimulering Werkgelegenheid Wûnseradiel.

Op grond van deze regeling kan een werkgever in
aanmerking komen voor een premie indien een
persoon wordt aangenomen die:

- a. een R.W.W.-uitkering ontvangt van de gemeente
Wûnseradiel;
- b. langer dan 1½ jaar als werkzoekende bij het
arbeidsburo staat ingeschreven;
- c. tenminste 1½ jaar werkloos is.

Tevens dat de werkgever hem/haar voor onbepaalde
tijd of voor bepaalde tijd van tenminste een half
jaar in dienst neemt.

Per werkgever kan aanspraak worden gemaakt op
premie voor maximaal 2 personen. De werkgever
hoeft niet in Wûnseradiel te zijn gevestigd.

De premie bedraagt maximaal f 5.000,-- per nieuwe
full-time arbeidsplaats gedurende een periode van
2 jaar.

In veel gevallen zal deze regeling gecombineerd
kunnen worden met de subsidieregeling Vermeend/
Moor van het Gewestelijk Arbeidsburo. In dat
geval bedraagt het totaal aan faciliteiten voor
de werkgever f 30.000,-- of meer.

Voor een part-time arbeidsplaats wordt de premie
naar rato van het aantal arbeidsuren verminderd.
Voor nadere inlichtingen kunt U zich wenden tot
de gemeente Wûnseradiel, afdeling Sociale Zaken
(telefoon: 05175-1541)

MEAR BEWEGEN FOAR ALDEREN:

Moandei 5 oktober begjinne wy wer mei ús 'Mear bewegen foar âlderen'.

Wy hoopje, dat ek jo dit jier meidogge.

Elk kin meidwaan; jo binne nea te jong, te âld, te stiif of te linich.

Jo binne fan herte wolkom yn It Walthûs op moandei- te- middei fan 2 oan't 3 oere.

Jo komme dochs ek om sûn en fit te bliuwen, foar de kontakten mei oaren en om'e nocht en wille, dy't wy mei-elkoar hawwe?



+++++

NIJE BEWENNERS:

Sinds mei zijn we in Tjerkwerd komen wonen en dat bevalt ons prima.

Voor wie langs wil komen, is de koffie klaar.

Tot ziens op Baburen 19.

Marlou en Wieger Doeve-van Wamel.

.....

Hallo allemaal,

EVEN VOORSTELLEN:

Wij zijn Gerrit en Petra Huisman van de Sylroede 2.

Gerrit is verkoper in gereedschap en komt uit Parrega.

Ikzelf ben kapster en kom van Sneek. Wij moeten toch even kwijt, dat het ons zeer goed bevalt in Tjerkwerd en hopen ook dat, dat zo blijft.

Wie even langs wil komen voor een 'bakkie' of een 'neut'
is altijd welkom.

Tot ziens.

Gerrit en Petra.

.....

OPBRENGST KOLLEKTEN:

Wij zijn blij u te kunnen melden, dat de kollekte van het
Koningin Wilhelmina Fonds voor de kankerbestrijding in
Tjerkwerd en naaste omgeving heeft opgebracht f 507,85.
Gevers en kollektanten hartelijk dank.
De totale kollekte Tjerkwerd, Dedgum, Hieslum en Parrega
was f 1853,30.

Van 7-12 september is de landelijke kollekte voor de
PIT gehouden.

Een groot aantal Nederlanders geeft er jaarlijks blijk
van het werk van de PIT belangrijk te vinden door aan deze
kollekte te geven.

Wij willen u daarvoor ook hartelijk danken, ook de
kollektanten bedankt.

De totale kollekte van Tjerkwerd was f 218,75.

J. Velema-Hemrica.



BERJOCHT FAN DE REUNYKOMMISSJE:

De feesten lizze alwer efter ús.

Oft we noch efkes werom sjogge, dan meie wy wol sizze, dat der stik foar stik hichtepunten wienen, mei as klimaks; de reuny!

Minsken, minsken, wat wienen der in soart minsken; mear as 630 reunisten!

It wie in bjusterbarlike moaie dei.

Wy binne tige bliid, dat it allegearre sa goed slagge is en we werom sjen kinne op in grut feest!

Fanôf dit plak, wol de reunykommissje eltsenien, dy't op hoffoar wize dan ek him of har ynset hat, tige tank sizze foar de meiwurking.

Sa't lykwols bekend is, is der op dy sneon in prachtich moai fotoboek oer Tsjerkwert útjûn; "Tsjerkwert en har bewenners yn'e rin fan de tiid."

Miskien ha jo sels, de bern en/of famylje noch net dit boek. It is de muoite wol wurdich en te krijen by

H. Feenstra,

Singel 2, Tsjerkwert.

Till. 9277. Priis: f 30,- OP IS OP!!

Nei oanlieding fan de reunyfeesten ha we in soart reaksje krigen. Sa wienen der ûnderoare in soart blide en tankbere kaarten en briefkes.

Inkele koarte reaksjes kinne jo hjir lêze. Ien dêrfan wolle wy hielendal publysearje en dat is dy fan Pietsje Mulder, dyjinge dy't de Skieppesturt fan'e reuny krigen hat.

Aan de reüniecommissie,

Ook mede namens mijn kinderen, wil ik langs deze weg nogmaals bedanken voor de ere mij toegedaan.

De oorkonde en het skieppesturtsje krijgt een ereplaatsje in mijn huis.

Ook onze dank aan iedereen, die hebben meegewerkt om deze 2 dagen onvergetelijk te maken. Het was geweldig in orde. Tjerkwert is het kleine dorpje, dat blijft ons na tot het hart.

Nogmaals Dank.

De groeten van ons allen, Pietsie en bern út Amerika.

REAKSJE OP'E REUNY:

'5 Septimber in dei om nea
te ferjitten. Yn ien wurd
8f!!! Ut Snits.'

'Wat ha wy ús fermakke dy
dei op de blastige blabber
en dampige dridze yn
Tsjerkwert.'
Ut Doetichem.

Er zijn geen woorden voor!

Grandioos!

'De soep was verrukkelijk en het eten
over heerlijk.'
Ut Makkum.

'Heel de organisatie,
de optocht, 's avonds, het was geweldig.'
Ut Dinteloord.

'Bedankt foar de prachtige dei,
dy't we hiene op 5 sept.
Skitterend fûnen we it.'
Ut Helleendoorn.



'Der binne gjin wurden foar,
hoe geweldich as dit wie.'
Ut Boalsert.

'Al is it 60 jier ferlyn, de âlde plakjes wiene/binne
noch goed bekend.'
Ut Rotterdam.

'Het was goed bij jullie te zijn
en het feest mee te vieren.'
Ut Apeldoorn.'



.....

De measte drokte fan'e reuny is efter de rêch.
Wat wie't in geskrep om alles foar elkoar te krijen.
En wat like it de tiisdei foar de reuny noch suterich
mei de revu.

In hiele ferromming as alles op 'de grutte dei' dan
dan giet as it spoar.

Tank minsken, dat jimme meielkoar sein ha: "We steane
foar ús part en we meitsje der wat fan."

Anny de Jong stjoerde my nei de tiid dit gedicht:

In kromke lean
-ferskûle tusken de superlativen-
net mear as
dy tomme omheech
dy knypeach
en dy trien
dat wurd op werbrûkpapier
it kin der mei folstean.

En it kòe der mei folstean.

Rixt Sp.




.....

Wat in meilibjen yn sa'n lyts doarpke Tsjerkwert.
Prachtich moaie reuny hân!
Us Tjitte waard ek net fergetten; hy krige sa'n moai
boek.
Hertlik tank!

Mem Wijngaarden.

.....



Troch it skriuwen fan it boek oer Tsjerkwert, rekken Sjoerd en ik belutsen by de tariedings foar de reuny fan Tsjerkwert.

We fielden dêrtroch tige de bân, dy't we noch mei Tsjerkwert hawwe.

We libben dan ek, krekt as eltsenien, tige nei de dei ta. It wie dan ek in grutte teloarstelling, dat ik yn it sikenhûs rekke.

Sneon 5 septimber, Sjoerd soe net op besite komme.

En dan is der in tillefoantsje en bin ik ferbûn mei Tsjerkwert. Ik hear Hylke Feenstra praten, de suster komt troch de doar mei in prachtich bosk blommen.

Ik hear jimme hantsje klappen, jimme gegûns fan stimmen, Sjoerd en Gerrit Mulder praten, ik wie dêrby.

Ik hoopje net dat jim it hearre koene, mar ik moast der fan gûle.

Jimme kinne nea betinke, wat dizze tillefoanferbining foar my betsjutte.

De wize fan wurkjen fan de reunykommisje, oeral attint op wêze, sprekt hjir ek wer út.

De kommisje fertsjinnet in soart tank foar it folle wurk dient, om de dei slagje te litten. Fan my in ekstra wurd fan tank foar dizze tillefoanferbining.

Ek betankje ik alle minsken yn Tsjerkwert, dy't oan my tochten mei kaarten, tillefoantsjes en wat foar wize dan ek. Dit meilibjen hat my, en Sjoerd en Bauke ek, tige goed dient.

Ik bin wer thús, de foarútsichten binne tige goed.

Al moast ik de reuny misse, dochs hoop ik, dat it libben my noch folle moaie dingen te bieden hat.

De hertlike groetnissen oan alle Tsjerkwerters,

Saar Buwalda.



Uit de Friesche Kerken.

TJERKWERD. Ook hier is het tot Reformatie gekomen. De kerk alhier lag in modernisme verzonken, als vrucht ook van de verderfelijke Synodale Organisatie van 1816, handhaafster als ze is van ongelootspredikers, verwoesters van Christus' kerke. Vandaar ook, dat de hier gestelde ambtsdragers weigerden, op 't verzoek van eenige leden, vóór te gaan in de Reformatie dezer kerk, om welke weigering de gereformeerde belijders andere ambtsdragers moesten kiezen. God moet toch ook in deze kerk tot Zijne eere komen.

Deze ambtsdragers hebben daarom op Zondag 27 Maart, als de wettige kerkeraad bevestigd, den 1en April 't Synodale juk afgeworpen en weer geldigheid verleend aan de kerkenordening van 1618-1619, van welk besluit aan de regeering is kennis gegeven.

Wel zal dit alles belachelijk zijn in de oogen der wereld, want 't getal dergenen, die den nek buigen onder 't juk van Christus, is hier zeer klein, doch wij hebben goedén moed. God veracht het kleine niet en voor ons is in den weg der Reformatie de belofte, den Almachtigen God tot een Vader te hebben, 2 Cor. 6, en dit is beter, dan al wat groot is in de oogen der wereld.

Namens den kerkeraad,
O. DE ROOS, Consulent.

NB. De heer H. DE WITTE is scriba van den kerkeraad. Tjerkwerd, Classis Sneek.

VROUWENVERENIGING 'MARTHA-MARIA':

De vrouwenvereniging 'Martha-Maria' van Tjerkwerd houdt 11 november aanstaande haar tweejaarlijkse verkoopdag. Dit zal evenals andere jaren weer gebeuren in het Waltahuis.

Ongeveer 12.00 uur grabbelen voor de jeugd.

Ongeveer 14.00 uur verkoop.

's Avonds 20.00 uur spelavond.



Het enige verschil met eerdere verkoop dagen van de vereniging zal zijn, dat men niet meer langs de deuren gaat, maar dat wij langs deze weg een oproep doen.

Heeft u ook goederen voor deze verkoopdag?

Mocht dat zo zijn, dan graag voor 4 november bezorgen bij:

(of telefonisch kontakt opnemen, we willen het ook wel ophalen)

Mevr. A. Kroontje-Kooistra	- tel.	9606
Mevr. B. Bakker-Poelstra	- tel.	9584
Mevr. T. Miedema-Posthumus	- "	2876
Mevr. T. Breeuwsma-Cnossen	- "	3485
Mevr. G. de Jong-Kuiper	- "	9245

Bij voorbaat hartelijk dank.

TE KOOP

BOLSWARDIA SHIRT EN TAS SAMEN f 30,-

Rudy Mekking tel. 9393.

BRANDWEER WUNSERADIEL:

Op zaterdag 10 oktober 1987 heeft de brandweer Wunseradiel een open dag.

De brandweer Parrega komt aan de Trekvaart tegenover café "De Harmonie" om 10.00 uur en in Tjerkwerd bij de brug om 11.10 uur.

Er wordt een kleine demonstratie gegeven en de jeugd wordt uitgelegd voorzichtig om te gaan met vuur.

Er mag worden gespoten en de allerkleinste jeugd mag een ritje maken met de brandweerauto door het dorp.

Wist U dat

- ... de 26-jarige brandweerauto van Parrega nog steeds in de garage staat.
- ... de nieuwe auto is van het merk Mercedes en is gebouwd in 1972.
- ... deze auto al enige malen uitgerukt is.
- ... de auto altijd 800 liter bluswater bij zich heeft voor de eerste aanval.
- ... dat de eerste aanval zo mogelijk wordt gedaan door 2 persluchtmaskerdragers met hogedrukstralen.
- ... het corps Parrega 3 nieuwe adspirant brandwachten in opleiding heeft n.l. Fedde Zwanenburg, Geert Kalkhuis en Anne Koopmans.
- ... het corps Parrega met deze 3 nieuwe leden erbij nu 12 man heeft n.l.


Brandmeester: Jappie Huisman

Onderbrandmeester: Hendrik Postma

Brandweerlieden/persluchtmaskerdragers: Anne de Boer, Albert Feenstra, Eise Feenstra, Geert Kalkhuis, Anne Koopmans, Wybren Plantinga, Sjoerd Rijpma, Jan Talsma, Johannes Wijnia, Fedde Zwanenburg.

Commandant Brandweer Wunseradiel,

Piet S. Venema.




EHBO TJERKWERD



Op 6 oktober start de nieuwe cursus EHBO in het
Waltahuis. Hier kunnen nog aantal mensen bij.
Ook in uw gezin of omgeving kunnen dingen gebeuren
waarbij eerste hulp dringend nodig is.
Bij bepaalde beroepen is steeds vaker een EHBO diploma
vereist.
Je kunt al vanaf 16 jaar meedoen.
Aarzel dus niet langer en geef je zo spoedig mogelijk
op bij

Alie Mekking tel. 9393.



De verkoop van het tentje op de reüniefesten heeft
een dikke duizend gulden opgebracht!
Hartelijk bedankt, we kunnen het best gebruiken!

=====

Langs deze weg, wil ik iedereen bedanken, voor de
kaarten, bloemen en in het bijzonder voor de geschreven
kaarten, die ik tijdens mijn verblijf en bij mijn thuiskomst
uit het ziekenhuis mocht ontvangen.

Johanna de Vries.

=====

BOARGERLIKE STAN:

It wie feest op Iemswâlde, want by
Bertus en Nelly Walsma waard in
dochter berne.

Se krige de namme: Aggie.

Proficiat!

14 Augustus binne Gerrit Huisman en Petra Zondervan
troud. Se wenje op Sylroede 2. Lokwinske!



BYDRAGEN:

TIGE TANK foar de bydragen krigen fan:

J. de Wolff - Himdyk, G. Mulder - Singel, frou P.
Poelstra - Dedzjum, Sj. Buwalda - Snits, frou B. Kuipers -
Singel, J. Visser - Dedzjum, B. Kooale - Emmeloord,
J. Oosterveld - Singel, D. de Jong - Oranjewâld.



SNYPSNAREN:

- De âlde skoalle is nei Arkum ferhuze.
Justjes panyk yn Tsjerkwert. Soe Okke wer plannen ha
en in skoalle yn Arkum stiftsje wolle?

- Frou Dijkstra, Koudum, wie wat wurch op'e dei fan'e reuny. Frou Wijngaarden sei: neat te rêden, mar efkes by my op bêd. Ald-ynwenners fan Waltawei 4 fregen frou Wijngaarden: meie wy nochris yn't hûs sjen? Frou Wijngaarden: fansels.
De âldynwenners sloegen de sliepkeamer net oer en fûnen frou Dijkstra op bêd.
Se ha hastich rjochtsomkeard makke en frou D. hie neat murken.
- Sieberen en Anny hiene in brodske hin op aaien, mar dat kring friet sa no en dan in aai op.
Doe't se op útkommen stiene, wiene se krekt op.
- Ids hat de boat ferkocht, sa ûntstie der in moai plakje foar de poaskjes.
- Wy seagen in reunist dy't net mei de honger yn'e hals nei hûs woe, yn in plastic-tas sieten gâns broadsjes.
- Der is wat ôfsocht yn it lân fan Joh. Dijkstra.
Sjoerd Huisman fûn in dûbeltsje mei it byld fan de jonge Wilhelmina.
Soe Sietse Dijkstra it destiids weisleept hawwe?
- De bus fan'e Sylsroede hat de histoaryske route Parregea - Boalsert via Dedzjum - Tsjerkwert makke.
De lyn is opheven en de bus ferkocht.
- In suster út it sikehûs fan Harns komt op Waltawei 39 te wenjen.
De Waltawei wurdt al Oranjeoord neamd.
- Hot news: Rients en Coby Posthumus ha de túnwedstriid wûn by de grutte tunen,
Marten en Annie van der Wal by de lytse tunen. Hulde!



- Wat wie it in moaie dei net?



- Alde Meinze hie syn fyts elkes efter de grutte auto fan Ule set.
Ule rydt efterút en boppe oer de fyts hinne.
Ule, wyt om'e holle, fleach nei efteren en.....
wat in gelok, Poelstra kuiere yn't lân.
Ule: Wat bin ik bliid man, dat jo net op'e fyts sieten.
Meinze: Wat bin ik bliid, no krij ik in nije fyts.



- Kopy ynleverje foar 1 desimber.

